



Het springen van de kruittoren in Delft, 12 oktober 1660 van Egbert Lievensz. van der Poel, olieverf op paneel, 37 x 62 cm. Collectie Rijksmuseum Amsterdam

Keunstskiednis fol ferskaat

Delft, 1664. Tsien jier nei de grutte eksploazje yn in munysjedepot wêrby't in grut part fan de binnenstêd ferneatige is en hûnderten minsken omkaam binne, krijt de fiktive histoarjeskilder Sara Meulemeester opdracht fan it stedsbestjoer om in skilderij te meitsjen om dizze ramp te betinken.

De ramp betsjutte foar Sara in grut persoanlik ferlies en fanwege de emoasjonele ympakt dy't it noch hieltyd hat, skrillet se yn earste ynstânsje tebek foar it wurk. Mar mei't se as allinnichsteande

frou en selsstannich skilderesse it jild goed brûke kin, nimt se de opdracht dochts oan. Yn *De skilderesse fan de fjoerstoarm* fermingt Guggenheim op oertsjûgende wize optochte feiten en figueren mei histoaryske. Dêrby wurdt it deistich libben yn de santjinde iuw wiidweidich en realistysk beskreaun - net allinnich de lûden, roken en it oansicht fan de stêd, mar ek ûntjouwingen op it mêd fan wittenskip, ekonomy en keunst. Dat de auteur in promovearre keunsthistoarika is, is te fermimmen oan de manier wêrop't hja yn geuren en kleuren skriuwt oer de technyske en ambachtlike kanten fan it skilderjen - sketsen meitsje, ferve minge, en it ark wêrmei't dat bart - mar ek oer it systeem fan de gilden en de ferskillende genres dy't beoefene wurde. Moai is de dynamyk tusken Sara en har goete freon Johannes Vermeer: 'It gie him derom de bûtenkant te tekenjen. Hja dêrfoaroe woe it inerlik werjaan, troch hâlding en mimyk de karakters ferbyldzje. De taskôger de komleksiteit fan de minsklike gefoelens toane. Dêr't by Vermeer de stilte hearske, wie by har konflikt en spanning. Dêr't hy it ljocht yn sêne sette, brûkte sy ljocht en donker om it wêzentlike fan it ûnwêzentlike te skieden.'

Foarsisber

Dit boek sels hat raakflakken mei beide keunstferfings, ek al snijt de kompleksiteit fan minsklike gefoelens faak wat ûnder by it realisme. Troch de detaillearre beskriuwingen wurdt der net in soad oan de ferbylding fan de lêzer oerlitten. Dêrtroch komme we by de persoanazjes net folle fierder as de bûtenkant; dat wat harren driuwt dolt net

hiel djip en emoasjes bliuwe wat stereotyp en foarsisber. Dochts lêst it ferhaal wol flot, krekt troch de byldzjende manier fan skriuwen en troch bygelyks de fleurige ynbring fan karakters as de rabjende hûsbazinne Tryntsje Anso en Sara har hûntsjie Fokske. Hoewol't it Dútsk fan it orizjineel hjir en dêr wat bliuwt de libbene styl ek yn it Frysk troch de oersetting hinne skimeret, goed oerein. Steuender is it dat der essinsjele ynformaasje yn in brief oerslein liket te wêzen yn de oersetting wat foar betizing soarget yn it ferfolch.

Stellen

Lykwols wurdt yn de twadde helte fan it boek de ferbylding fan de lêzer wol hieltyd mear oan it wurk set, as it skilderij fan Sara flak foar de ûnthulling stellen wurdt. Mei't it stedsbestjoer der net folle wurk fan makket en Sara ek net it taseine lean útbetelle krijt giet se sels op ûndersyk út, bystien troch Johannes Vermeer en de apoteker Nicolaes van Leeuwenhoek (de âldere broer dy't Anthonie nea hân hat). Se hat fijannen genôch by de lukasbruorren fan it skildersgilde, dy't oan de iene kant Sara net as folweardich skilder beskôgje om't se in frou is en dy't dêrom ek gjin lid fan it gilde wurde mei, mar tagelyk oergeunstich binne op har fakmanskip en stúkses. Dat it ferdwinen fan it skilderij in wraakaksje is, leit dêrom foar de hân, mar de dieder en syn motiven komme úteinlik út ûnferwachte hoeke. Dêrmei wurdt boppe dat in yntrigearende alternative oarsaak jûn foar de ramp yn 1654. Neist histoaryske roman en detektive is *De skilderesse fan de fjoerstoarm* by eintsjebeslut ek noch in leafdeskiednis as Sara har ferlies by de brân einlings ferwurkje kin en de takomst har wer talaket. Dat gelokal is ek dat wat foarsisber - is dizze sympatike haadpersoan wol gund nei alle spanning en argewaasje dy't se trochstien hat yn dit boek.



Roman

De skilderesse fan de fjoerstoarm

Andrea Guggenheim

Oersetting J. Knol

KFFB

€ 16,00